

FNP  
o.f. frou De Jong

Ljouwert, 5 decimber 2017

Ferstjoerd, 11 DEC. 2017

Ús merkteken : 01469356  
Ôfd/Opjefte : Leefberens  
Opsteld troch : Geke Walsma / (06) 52 79 89 36 of g.walsma@fryslan.frl  
Jo merkteken : Skriftlike fragen oer gearwurking De Friesland d.d. 16 novimber 2017  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer gearwurking Zorgverzekeraar de Friesland

Achte frou De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 16 novimber 2017 beäntwurdzje wy as neikomt.

#### *Ynliedende taljochting*

*Der is bekend makke dat soarchfersekerder De Friesland as selsstannich bedriuw yn Fryslân ferdwynt troch fúzje mei Zilveren Kruis ûnder it memmebedriuw Achmea. Wat soks betsjutte sil foar direksje en personiel yn Ljouwert is op dit stuit noch net helder.*

*De provinsje Fryslân wurket gear mei De Friesland as it giet om soarchfoarsjennings en de sprieding dêrfan yn Fryslân. Tink yn de ôfrûne jierren oan de oerlizzen oer de takomst fan de Sionsberg, de Spiker yn Ternaard en krektlyn noch oer it aksjeplan tsjin it tekoart oan húsdokters.*

#### *Fraach 1.*

*Wat is jimme reaksje op dit nijs út provinsjaal belang wei besjoen?*

#### Antwurd fraach 1:

Ús kolleezje fynt it wichtich dat de sprieding en berikberens fan soarchfoarsjennings/berikbere soarch goed regele is, sadat bewenners ienfâldige basissoarch tichteby krije kinne en mear komplekse soarch mear konsintrearre.

Wy geane derfan út dat de (dominante) soarchfersekerder yn ús provinsje aktyf har wetlike soarchplicht sa útfiert dat dat realisearre wurdt en dat dêrby oandacht foar it regionale perspektyf bliuwt en de nedige regionale soarchynkeap.

Wy hâlde dat yn 'e gaten, mochten wy sinjalen krije dat dat net bart, dan sille wy de soarchfersekerder – en as dat nedich is ek it Ministearje fan VWS en de Twadde Keamer – dêrop oansprekke.

*Fraach 2:*

*Op hokker dossiers hat der neist de foarbylden hjirboppe noch mear oerlis of gearwurking mei De Friesland west de ôfrûne jierren?*

Antwurd fraach 2:

Op ferskate ûnderwerpen dy't binnen de útfiering fan de Zorverzekeringwet (Zvw) en Wet langdurige zorg (Wlz) falle en te krijen hawwe mei ús kearntaken, hawwe wy oerlizen mei soarchfersekerder De Friesland. De ûnderwerpen fariearje fan it programma Sociaal Medische 1e lijn, de húsdokters, de sprieding fan soarchfoarsjennings oant soarchekonomy (yn-novaasjes yn it MKB).

*Fraach 3:*

*Binne of sille jimme yn petear mei De Friesland om kontinuïteit te bewurkmasterjen yn dit oerlis en dizze gearwurking?*

Antwurd fraach 3:

Dy ûnderwerpen nimme wy mei yn de neamde oerlizen (sjoch antwurd 2).

*Fraach 4:*

*Binne jo it mei ús iens dat it fan belang is om safolle as mooglik wurkgelegenheid en beslissingsfoech fan De Friesland foar Fryslân en Ljouwert te behâlden?*

Antwurd fraach 4:

Ja. Wat de wurkgelegenheid oanbelanget is Ljouwert koartlyn as kearnlokaasje foar de soarchaktiviteiten oanwiisd. Dat betsjut dat der aktiviteiten fan Zilveren Kruis Zwolle nei Ljouwert ferskood wurde. Wat it beslissingsfoech oanbelanget, wy geane derfan út dat de (dominante) soarchfersekerder har wetlike soarchplicht neffens de ramten fan it Ryk útfiert.

*Fraach 5:*

*Is it Kolleezje fan doel en nim oer boppeneamde saken kontakt op mei 'De Friesland' en it memmebedriuw Achmea?*

Antwurd fraach 5:

Dy ûnderwerpen nimme wy mei yn de neamde oerlizen (sjoch antwurd 2).

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Boulius - Riemersma, MBA MCM, sikretaris